

1. **FNP, mefr. M. Dotinga-van der Veen**

Underwerp: opmerkelijke hege winsten by soarchbedriuwen

Yn de Ljouwerter krant fan 27 juny stie in artikel oer boppesteand ûnderwerp, sjoch bylage. Under de 174 winstmakkers dy't yn 2017 mear dan 10% winst makken sitte seis fryske bedriuwen.

Wy ha hjir de folgjende fragen oer:

1. Keapje wy as Achtkarspelen soarch yn by ien fan dizze ynstellings?
2. Keapje wy fia SDF soarch yn by ien fan dizze ynstellings?
3. Sa ja, sil it kolleezje it ûndersykje as men tinkt dat der mooglik fraude pleegt is?
4. Hokker aksjes sil it kolleezje ûndernimme as der sprake is fan fraude?

Wethâlder M. de Haan beantwurdet de fragen by ôfwêzigens fan wethâlder P.M. Jonker:

1. Nee, de gemeente Achtkarspelen hat net rjochtstreeks soarch by ien fan de neamde soarchbedriuwen ynkocht.
2. Ja, der binne in achttal bedriuwen dy't op de list fan SDF foarkomme. By twa bedriuwen fan dizze list (Stichting Pento- audiologische centrum dyslexie en team 050) is yndie soarch ynkocht foar klanten fan de gemeente Achtkarspelen. De bedragen binne yn byld en net ferûntrêstend.
3. It feit dat in soarchoanbieder op dizze list stiet, betsjut fansels noch net, dat der sprake is fan ûnrjochtmjittichheden. SDF sil in yngeande analyze meitsje fan de neamde oanbieders. De jierrekken, de omset en it finansjele oandiel yn Fryslân fan de soarchoanbieder. Ek de útkomsten fan it KPMG ûndersyksrapport sille by de analyze meinommen wurde en ek de sinjalen en eardere petearen. Oanslutend sille de soarchoanbieders, dêr't fermoedens binne fan ûnrjochtmjittichheden, útnûge wurde foar in petear. Mei harren wurdt ferkend oer wat de reden is fan de hege winstsifers. Ofhinklik fan de útkomsten fan dizze ferkenning, folgje fierdere stappen.
4. Sjoch it antwurd op fraach 3. Ofhinklik fan de útkomsten fan it ferkennen dat troch SDF útfierd wurdt, sil de gemeente, as soks fanneden is, tegearre mei SDF-partners fierdere juridyske stappen ûndernimme tsjin de oanbelangjende soarchbedriuwen.

Vraag van de heer J. Stellinga (PvdA): er wordt niet meer zorg geleverd dan voorheen, maar dezelfde zorg die vroeger werd geleverd is nu veel duurder vanwege de procedures. Als we dat twee weken geleden geweten hadden, hadden we dan op dezelfde manier het beleidskader besproken zoals we dat hebben gedaan? Want toen is gezegd dat we meer zorg leveren en dat het daarom goedkoper moet. Nu blijkt dat we dezelfde zorg leveren, maar we doen het veel te duur.

Wethouder De Haan zegt hier schriftelijk op terug te komen. **Actie: afsprakenlijst**